

Sjochtip

Folsleine Hynstekeuring te sjen by Omrop Fryslân

Fan 11 o/m 13 jannewaris

De jierlikse hynstekeuring fan it KFPS wurdt dit jier ek wer trije dagen útstjoerd troch Omrop Fryslân. Fan 11 oant en mei 13 jannewaris is alles live te folgjen fia meartalige livestreams op [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl) en de Omrop-app en de lêste dei is live te sjen op telefyzje.

It evenemint fynt dit jier plak yn it WTC Expo yn Ljouwert. Op tongersdei 11 en freed 12 jannewaris stiet de twadde besichtiging fan de jonge hynsten sintraal. De keuring is streekrjocht te folgjen fan 9.00 oere ôf fia livestreams op [Omropfryslan.nl/hynstekeuring](https://www.omropfryslan.nl/hynstekeuring) yn it Frysk, Dútsk, Ingelsk, Frânsk, Nederlânsk en Spaansk en is ek te sjen op telefyzje.

Jubileumshow

Ta gelegenheid fan it 145-jierrich bestan fan it KFPS stiet op de jûn fan 11 jannewaris de jubileumshow op de planning. Dizze show giet oer de skiednis fan it Fryske hynder ferteld troch Fryske ruters út de hiele wrâld. It moat in spektakulêre show wurde mei de nijste fisuele techniken. Dy show is sneon 13 jannewaris om 19.30 en 22.30 oere te sjen op telefyzje by Omrop Fryslân.

Hynstekeuring by Omrop Fryslân

- 11 & 12 jannewaris fan 9.00 oere ôf fia de livestreams
- 13 jannewaris fan 9.00 oere ôf op telefyzje en fia de livestreams
- 13 jannewaris om 19.30 en 22.30 oere de jubileumshow te sjen op telefyzje
- 14 jannewaris om 11.00 oere op telefyzje in kompilaasje fan de finale fan de Hynstekeuring


Fierder hawwe de Sportcast en it programma Hea! yn it foar en nei de Hynstekeuring in soad omtinken foar it evenemint. Beide programma's hawwe spesjale útstjoerings dy't folslein yn it ramt fan de Hynstekeuring stean. Sjoch foar alle ynformaasje en de livestreams op [Omropfryslan.nl/hynstekeuring](https://www.omropfryslan.nl/hynstekeuring).



Omrop Fryslân



Kom fierder



Kijktip

Volledige Hengstenkeuring te zien bij Omrop Fryslân

Van 11 t/m 13 januari

De jaarlijkse hengstenkeuring van het KFPS wordt dit jaar ook weer drie dagen uitgezonden door Omrop Fryslân. Van 11 tot en met 13 januari is alles live te volgen via meertalige livestreams op [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl) en de Omrop-app en de laatste dag is ook live te zien op televisie.

Het evenement vindt plaats in het WTC Expo in Leeuwarden. Op donderdag 11 en vrijdag 12 januari staat de tweede bezichtiging van de jonge hengsten centraal. De keuring is rechtstreeks te volgen vanaf 9.00 uur via livestreams op [Omropfryslan.nl/hynstekeuring](https://www.omropfryslan.nl/hynstekeuring) in het Fries, Duits, Engels, Frans, Nederlands en Spaans en is ook te zien op televisie.

Jubileumshow

Ter gelegenheid van het 145-jarige bestaan van het KPFS staat de avond van 11 januari de jubileumshow op de planning. Deze show gaat over de geschiedenis van het Friese paard verteld door Friese ruiters van over de hele wereld. Het moet een spectaculaire show worden met de nieuwste visuele technieken. De show is zaterdag 13 januari om 19.30 en 22.30 uur te zien op televisie bij Omrop Fryslân.

Hynstekeuring bij Omrop Fryslân

- 11 & 12 januari vanaf 9.00 uur via de livestreams
- 13 januari vanaf 9.00 uur op televisie en via de livestreams
- 13 januari om 19.30 en 22.30 uur de jubileumshow te zien op televisie
- 14 januari om 11.00 uur op televisie een compilatie van de finale van de Hengstenkeuring

Verder hebben de Sportcast en het programma Hea! in het voor en na de Hengstenkeuring veel aandacht voor het evenement. Beide programma's hebben speciale uitzendingen die volledig in het teken van de Hengstenkeuring staan. Kijk voor alle informatie en de livestreams op [Omropfryslan.nl/hynstekeuring](https://www.omropfryslan.nl/hynstekeuring).



Omrop Fryslân



Kom fierder